

sneon 2 novimber 2019 om 13.30 oere yn *Tresoar*

Stambeam yn sulver

De Fryske berteleppeltradysje tusken 1650 en no

troch: **Richard de Boer en Han Nijdam**

De Fryske berteleppeltradysje liket in bytsje op it keatsspul. Ea waard it yn meardere dielen fan Europa dien, mar hast allinne yn Fryslân is it goed bewarre bleaun. Berteleppels lizze by mannichien as erfstik thús en Fryske edelsmidden sille meistimme dat se as geskink noch hieltyd yn 'e swang binne. Wat sokke



leppels bysûnder en foar genealogen nijsgjirrich makket, is it prinsipe fan ferneamen dêr't it foar in goed part op driuwt (of alteast hiel lang dien hat: wy sille ek sjen hoe't de tradysje yn de rin fan 'e 20e iuw feroare is). Sa binne der leppels dêr't trije, fjouwer of sels fiif kear deselde namme op gravearre stiet. Oant de romte op 'e leppel op wie. Sokke leppels binne stambeammen yn sulver.



Wy sille yn ús lêzing it begjin fan de tradysje trasearje en de fierdere ûntjouwing beskriuwe. Ek docht bliken dat de berteleppels net yn hiel Fryslân foarkomme, mar yn in beheinder part. Wy dogge koartsein in lyts ferslach fan ús rinnend ûndersyk en fan de reaksjes dy't wy krigen hawwe op de ferskate opropfen om ynformaasje oan te leverjen.

Hawwe jo ek berteleppels? In eigen eksimplaar of in âld erfstik? Nim se dizze middei mei, want wy binne ek benijd nei jo ferhaal. En dêr is ek romte by it soad ta.

Han Nijdam (1969) hâldt him as ûndersiker oan de Fryske Akademy dwaande mei it Aldfryske rjocht en is tige ynteressearre yn de "longue durée" fan Fryslân.

Richard de Boer (1976) is wittenskipssjoernalist en kommunikaasjemeiwurker fan de Fryske Akademy. Hy ferdjippet him ûnder oaren yn ûndersyk nei mûnlinge tradysjes. Sjoch: www.dhabirecorder.com

Tresoar Boterhoek 1, Ljouwert. Parkeare mooglik yn de garaazje Oldehoofsterkerkhof. Sjoch ek de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomst!

Tagong fergees

zaterdag 2 november 2019 om 13.30 uur in Tresoar

Stambeam yn sulver

De Friese geboortelepeltraditie tussen 1650 en nu

door: **Richard de Boer en Han Nijdam**

De Friese geboortelepeltraditie lijkt een beetje op het kaatsspel. Eens werd het in meer delen van Europa gedaan, maar bijna alleen in Fryslân is het goed bewaard gebleven. Geboortelepels liggen by velen als erfstuk thuis en Friese edelsmeden zullen het er mee eens zijn dat ze als geschenk nog altijd in zwang zijn.



Wat zulke lepels bijzonder en voor genealogen interessant maakt, is het principe van het vernoemen waar het voor een groot deel oprijft (of tenminste heel lang gedaan heeft: wij zullen ook zien hoe de traditie in de loop van de 20e eeuw veranderd is). Zo zijn er lepels waar drie, vier of zelfs vijf keer dezelfde naam op gegraveerd staat. Tot de ruimte op de lepel op was. Zulke lepels zijn stambomen in zilver.



Wij zullen in onze lezing het begin van de traditie traseren en de verdere ontwikkeling beschrijven. Ook zal blijken dat de geboortelepels niet in heel Fryslân voorkomen, maar in een beperkter deel. Wy doen kortweg een kort verslag van ons lopend onderzoek en van de reacties die wij gekregen hebben op de verschillende oproepen om informatie aan te leveren.

Hebt u ook geboortelepels? Een eigen exemplaar of en oud erfstuk? Neem ze deze middag mee, want wij zijn ook benieuwd naar uw verhaal. Er is ruimte genoeg voor.

Han Nijdam (1969) houdt zich als onderzoeker aan de Fryske Akademy bezig met het Oudfriese recht en is erg geïnteresseerd in de "longue durée" van Fryslân.

Richard de Boer (1976) is wetenschapsjournalist en communicatiemedewerker van de Fryske Akademy. Hij verdiept zich o.a. in onderzoek naar mondelinge tradities. Zie: www.dhabirecorder.com.

Tresoar Boterhoek 1, Leeuwarden. Parkeren mogelijk in de garage Oldehoofsterkerkhof. Zie ook de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>

Belangstellenden zijn van harte welkom op deze vergadering! Toegang gratis